

# 'LYTS BEGJIN G.A.'

## Bijdrage van Stichting Hattum de Vries

De Hattum de Vries Stichting kriget sa no en dan hiel nijsgjirrich guod.

In 'Bijvoegsel van de Nederlandse Staatscourant van Vrijdag 4 Mei 1952, no. 85', rôp by my jeugdherinneringen op.

En om jim no ek nijsgjirrich te meitsjen:

Bijvoegsel van de Nederlandse Staatscourant van  
Vrijdag 4 Mei 1951, no. 85.

## No. 207

COÖPERATIEVE VERENIGING: Coöperatieve vereniging tot exploitatie van landbouwwerktuigen, -machines en -installaties „Lyts Bigjin” G.A., bij verkorting „Lyts Bigjin”, te Oudega, gemeente Smallingerland.

Heden, de twaalfde Maart negentienhonderd een en vijftig, zijn voor mij, Theunis Seinstra, notaris ter standplaats Drachten, verschenen de heren:

1. Eelke Hoekstra, veehouder, wonende te Oudega;
  2. Douwe Durks de Vries, veehouder, wonende te Oudega;
  3. Harm Jonker, veehouder, wonende te Oudega;
  4. Hendrik Jelsma, veehouder, wonende te Oudega;
  5. Jan Tjibbes de Jong, veehouder, wonende te Oudega,
- welke comparanten verklaarden bij deze te willen oprichten een coöperatieve vereniging en daarvoor de volgende statuten vast te stellen:

### Naam, zetel en duur.

Artikel 1. De vereniging draagt de naam: Coöperatieve vereniging tot exploitatie van landbouwwerktuigen, -machines en -installaties „Lyts Bigjin” G.A., bij verkorting „Lyts Bigjin”, en is gevestigd te Oudega, gemeente Smallingerland.

Zij wordt aangegaan voor onbepaalde tijd.

### Doel.

Artikel 2. Het doel der vereniging is de bevordering van de stoffelijke belangen der leden door voor gemeenschappelijke rekening landbouwwerktuigen ten behoeve en ten dienste van haar leden te exploiteren.

Onder landbouwwerktuigen zijn in deze statuten mede begrepen landbouwmachines en -installaties.

Ter bereiking van dit doel zal zij zich landbouwwerktuigen aanschaffen, hetzij in eigendom, hetzij in huur of enigerlei andere vorm van gebruik.

De vereniging kan bij besluit van de algemene vergadering:

a. haar werkzaamheden uitstrekken tot derden;

b. deelnemen in of zich aansluiten bij verenigingen, vennootschappen of andere instellingen, die soortgelijke doeleinden nastreven als de hare, of wel de bevordering van algemene of bijzondere landbouwbelangen ten doel hebben.

By sommige boerepleatsen stiene betonnen silo's.

De measten binne stikken slein, mar der binne ek dy't in twadde libben krigen ha, bygelyks as túnhûs. Dizze silo's waarden brûkt foar it konservearjen fan gêrs as foer foar de kij by't winter.

It meitsjen fan hea is de âldste manier fan bewarjen, mar it is net altyd heawaar. En at it gêrs ien kear meand is en jo krije gjin heawaar dan giet de kwaliteit, 'de voedingswaarde', hurd achterút.

No wie it meitsjen fan 'frieze' kuil al bekend. Farsk gêrs waard oan de bult brocht en moast in bytsje waarm wurde, sadat baktearjes har wurk dwaan koene. Net tefolle gêrs tagelyk, want dan bleau de bult te kâld.

It konservearringsproses waard mei soer bewarre. Mei as gefolch dat de kuil winters, mei't fuorjen, ôfgrysliek stonk.

It hiele hûs en de klean stonken dan nei soere kuil en de kwaliteit fan it foer wie net bêst.

Mar dan komt der in nije manier fan konservearjen, **de Hardeland-methode**.

It hat fêst sa west dat in menear Hardeland dizze metoade útfûn hat, mar dêr koe ik neat oer fine.

It farske gêrs hakselje, melasse dertroch, yn in silo en dan luchtticht ôfslute en dit alles yn ien dei, dát wie de metoade.

Haksele gêrs koene jo tichter ynelkoar drukke, de melasse wie foar de konservearring. Melasse is in sûkerhâldend- en einprodukt fan de sûkerfabryken.

Melasse ferhege ek noch in kear de fiedingswaarde en bûtersoerbaktearjes krigen eins gjin kâns, wat fansels de kwaliteit fan de molke te'n goede kaam.

Better koe it net, trochdat it sok bêst foer wie: mear molke én fan bettere kwaliteit!

No, dat woene de boeren yn Aldegea wol.

Mar der moast in masine oantúgd wurde foar it hakseljen en twa tanken foar it opslaan fan de melasse.

At de silo fol wie, kamen der noch houten opsetstikken óp de silo, sadat der noch in kear safolle gêrs ynkaam.

De hichte wie dan sa'n 3,5 oant 4 meter en dan moast der noch in meter grûn op om de boel goed ôf te sluten.

Hjirfoar waard in transporteur oanskaft. Nei ferrin fan tiid sakke de bult foar de helte en koene de opsetstikken der ôfhelle wurde en wer foar de folgjende silo brûkt wurde.

'Werktuigencoöperatie Lyts Begjin' waard yn it libben roppen om de masines oan te skaffen en te behearen.

De twa melasse tanken, in stasjonare hakselaar fan it merk Speiser en in transporteur.

De silo moast de boer sels betelje, se wiene sa'n 5 meter yn trochsneed en twa meter heech. Se waarden makke troch de firma v.d. Molen út 'e Rottefalle.

Betonmiksers wiene der doe noch net, it spul lei op in frachtweintsje (in dump út it leger) en de beton waard sa tusken twa rûne sketten skept.

Ieden fan Lyts Begjin wiene:

*Paulus de Vries, Aldegeasterdyk*

*Fonger Bruinsma, Aldegeasterdyk*

*Eelke Hoekstra, Mounehoek*

*Jan Tjibbes de Jong, Sanbuorren*

*Harm Jonker, Buorren*

*Sierd de Vries, Uteinsreed*

*Durk en Wietze Bruining, it West. Hjir wie ek de winterstalling fan it ark.*

*Louw Oosterhof, it West*

*Halbe de Boer, it West*

*de Jelsma's, Brêgeham*

*Fedde Breeuwsma, de Geasten*

*Auke Halbes de Boer* wie masinist, behearder, die de administaasje en soarge derfoar dat de melasse yn de goede ferhâlding (sa'n 2 %) troch it gêrs kaam. Troch wiet gêrs moast mear melasse as troch droech gêrs. De behearder moast der foar soargje dat de masines by de boer wiene dêr't se los soene. De leden holpen inoar by it ynkûljen. Hja moasten in man leverje en ek wol hynder en wein. It wie ek de taak fan de behearder om boeren oan te sizzen, wêr't hja helpe moasten.

Der wiene op syn minst 9 minsken noadich om alles yn 1 dei foarinoar te krijen. Alles gie mei hynder en wein en it foarkje.

Op it lân wiene 4 man oan it laden, der wie 1 noadich om de folle weinen nei hûs te riden en leech wer nei it lân (de saneamde tuskenrider).

2 man wiene by de masine en 1 op de bult te slochtsjen en dan noch de masinist.

De hakselaar wie faak stikken. De masine moast net allinne hakselje, mar it gêrs ek yn de silo blaze.

Foardat Lyts Begjin útein sette, wiene se nei Steggerda west te sjen. It wie allegearre like geweldich!

Mar de hakselaar fan Aldegea wie te licht en de dieselmotor fan 14 pk koe it ek lang net dwaan.

Minsken fan de Speiserfabryk yn Gôppingen ha wol yn Aldegea west om de kettings en messen swierder te meitsjen, mar dan bruts der wol wer wat oars. It wie hiel frjemd, mar nachts die er it it bêst. Soms wie it wol 5 oere of healwei 6en moarns ear't hja klear wiene.

Der waard bot krimmenearre, mar winters wie it wer dwers troch alles hinne, wát woene de kij bêst jaan fan dizze kuil!

De hakselaar koe ek bûkt wurde troch net-leden.

En wat ek wol bard is, dat Auke de Boer mei de masine nei Weinterp en nei de Fochtel west hat te 'Hardelandsjen'.

Doe kaam de foardroech-kuil yn opmars. Hjir wiene gjin grutte masines foar noadich en minder folk.

De measte leden hiene ek skjin har nocht fan it gedonder mei de hakselaar.

De koôperaasje is opholden te bestean en *Wieger Lindeboom* hat de masines kocht.

It is gjin priisfraach, mar wa fan ús lêzers wit yn hokker jier Lyts Begjin opholden is te bestean?

*Sytze Bruinsma*